

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside

Treffer:

Henk Bootsma

Jiergong 51 nûmer 4

juny 2021



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Swingoerd 33, 8731 CV Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

06-21467278
0515-333295
0515-331444
06-40614250

Fêste stikjesskriuwers; Aant, Steven, Habtamu en Kees.

Internetredaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia
Tryntsje Bouma
Henk Postma
Tjerk van der Pol
Syb Overal
Anco Elgersma
Bauke de Boer
Jaap Toering
Marco Groothof

De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels
Streek 30, 8734 GR Easterein
Ysgumerweg 10, 8764 PS Dedgum
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
It Noard 21A, 8731 BB Wommels
Wynserdyk 43, 8734 GE Easterein

tillefoan:

0515-331444
06-21467278
06-51679033
06-40614250
06-33030042
06-39805090
0515-332555
06-10695193
06-10562399

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: funksje:

Tjerk van der Pol	Foarsitter
Marjo Groothof	Algemiën lid
Lize Schuurmans	Algemiën lid
Anneke Gaastra	Algemiën lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl
Ponghalder@vv-sds.nl
PRcommissie@vv-sds.nl
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl
Ledenadministraasje@vv-sds.nl
Sekretaris@vv-sds.nl
TC-foarsitter@vv-sds.nl
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl
Accommodatie@vv-sds.nl

=> Willem Wijnia
=> Henk Postma
=> Bauke de Boer
=> Syb Overal
=> Anco Elgersma
=> Tryntsje Bouma
=> Jaap Toering
=> Tjerk van der Pol
=> Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer
Hendrik Engbreghof
Ype Tiemersma
Johan Postma & Allert Turksma

Shirtsporsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Treffer en webside
Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Wedstriidstipers SDS 1

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

tillefoan:

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje:

NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybrén Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2020) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 70,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 49,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 55,-	it healjier
Junioren O15:	€ 46,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 38,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 33,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS €1,-.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia "**oan-/ôfmelde**". Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Anco Elgersma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

septimber 2021

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de Trefferredaksje

Dit seizoen is der net folle fuotballe, mar dochs is dit alwer de lêste Treffer fan it seizoen. Undanks dat der net folle fuotballe is hawwe wy dochs probeare der wer in nijsgjirrige Treffer fan te meitsjen. Dit dogge wy as Trefferredaksje, mar ek mei help fan oaren. Sa hat Jan Hiemstra wer wat oer it ferline skreaun lykas Aant, hawwe wy in ferslach fan de JO15 yn de Regiokup en fan JO17-2 en fansels Kees'Kollum. Dêrneist hat Harmke van der Werf in petear hân mei wepmaster Aant Hofstra en undertekene om 't sy wol benijd wie hoe 't de Treffer en de webside sa ûntstien binne en wa 't hjir eins efter sitte. Ek stiet der in stik yn oer it boek wat sy sels skreaun hat oer âlders fan topsporters. Har styl befalt ús o sa, dus wat ús oanbelanget skriuwt sy yn de takomst wer ris wat foar de Treffer.



Mar in soad lêswille tawinske en in hiele nolfike simmer! Wy sjogge jim yn it nije fuotbalseizoen wer! Wy sjogge der nei út!

(WW)

SDS'er om ú tens: Sytze Kooistra	Busje komt zo	JO15 wint Regiokup
		
side 8	side 28	side 29

Ynhâld

<i>Fan it bestjoer</i>	<i>5</i>
<i>Fan de jeugdkommisje.....</i>	<i>6</i>
<i>Op syk nei âlde Treffers.....</i>	<i>7</i>
<i>SDS'er om ú tens; Sytze Kooistra</i>	<i>8</i>
<i>Ofskie nimme fan Hennie Roubos.....</i>	<i>11</i>
<i>Hite nûtsjes.....</i>	<i>12</i>
<i>Oan it wurd troch Harmke van der Werf.....</i>	<i>14</i>
<i>'Kampioensouders'</i>	<i>16</i>
<i>SDS-sponserrin/I t ljocht op in sponser; Freez.it.....</i>	<i>18</i>
<i>In kraammandsje bringe by Doede-Douwe Koopmans.....</i>	<i>19</i>
<i>De Stelling.....</i>	<i>21</i>
<i>SDS-Klean.....</i>	<i>22</i>
<i>Persoanlik: Noor van den Ende.....</i>	<i>23</i>
<i>SDS-look-a-likes (30)</i>	<i>26</i>
<i>It seizoen fan JO17-2</i>	<i>25</i>
<i>Kees'Kollum; Horror, skimmel en leafde.....</i>	<i>28</i>
<i>It seizoen fan JO15-1</i>	<i>29</i>
<i>Slút je oan by GEKE en stypje SDS.....</i>	<i>31</i>
<i>Ut in hiele âlde doaze.....</i>	<i>32</i>
<i>Ut de noch net sa âlde doaze</i>	<i>35</i>
<i>Aginda.....</i>	<i>36</i>

Fan it bestjoer

It seizoen sit der alwer op. Der is dit seizoen net folle fuotballe. It wie moai dat de JO15 en JO17 noch efkes fuotbalje mochten om de Regiokup. Spitich kaam dit wat te let om alle jeugdteams fan SDS noch balje te litten. De measte teams wienen wol klear mei it fuotbalseizoen en sjogge út nei it folgende seizoen dy 't hooplik al wer normaal ferrinne sil.

Der binne mar in pear leden dy 't opsein hawwe nei it ôfrûne seizoen. Der binne dan ek mear leden bykaam dan dat der stoppe binne en dat jout foar ús oan dat elkenien útsjocht nei it fuotbalseizoen. Wy as bestjoer fan SDS binne dan ek drok dwaande om alle tariedingen op it nije seizoen goed ferrinne te litten sadat wy daliks wer folop los kinne. Wy hienen no graach de teamyndielingen klear hawwe wollen, mar it bliuwt in gepuzzel. By de jeugd hawwe je foar it iene team tefolle en it oare team krekt te min. By de senioaren hawwe wy ynmiddels mear as 100 leden en dat soe betsjutte moatte dat je mei 6 teams de kompetysje yn kinne. Ut erfaring witte wy dat soks meast net slagget. Op ien of oare manier moatte je gemiddeld 20 lju rekkenje foar in senioarenteam. Oars hawwe je net genôch. Der moat wolris ien wurkje, der is ris ien blesseard, it gêrs moat meand wurde op sneon of de partner wol tegearre nei de stêd. As wy de Treffers fan begjin jierren 80 werom sjogge dan sjogge je dat in team oan sa 'n 14 spilers genôch hie. Dat wienen dúdlik oare tiden en ynmiddels ek al wer 40 jier lyn.....

Foar kommand seizoen binne wy noch op syk nei lju foar ferskeidene funksjes. Sa sykje wy noch om in fersoarger/striker, in flagger by SDS 1 en in jeugdfoarsitter. Tjerk van der Pol hat earder al oanjûn te stopjen en sil nei de simmer de nije jeugdkommisje ynwurkje om by de jiergearkomst it stokje oer te jaan. Wy hope dan in kandidaat fûn te hawwen dy dit graach dwaan wol. Mei in farske en folledige jeugdkommisje yn it foarútsjoch moat dat dochs slagge soenen je sizze.

De staf fan SDS 2 is ek noch net hielendal rûn op it momint fan dit skriuwen. Lieder Rick Hendriks bliuwt oan, mar no 't it keatsseizoen wat langer duorret is it foar Marco Hoekstra wat lestich om oan te skowen as koach. Wy binne noch drok op syk nei in passende oplossing. De training op tiisdei wurdt wer fersoarge troch Douwe Posthuma en op tongersdei troch Tsjipke Okkema. It nivo leit dus heech genôch.

Moai om te sjen dat de jeugd fan de JO19 dy 't oer mei nei de senioaren ek fuotbaljen bliuwt. Dat jout oan dat sy der nocht oan hawwe en sy enersjy krigen hawwe fan de trainingen fan de O26. Sy fiele harren ferbûn mei de klup en wolle mear meimeitsje mei SDS. Lykas wy! Wy sjogge der dan ek nei út om mei jim allegear folgend jier it 75-jierrich-jubileum fan SDS te fieren. Mar earst op 30 july de ôfskiedswedstriid fan Jacob-Klaas Haitsma. In moai momint om mei syn allen it nije seizoen te begjinnen. No al nocht yn!

Ut namme fan it SDS-bestjoer, Willem Wijnia



Fan de jeugdkommisje

SDS, voor en door clubmensen!

Kun je ook tijdelijk een clubman-vrouw zijn? Wanneer ben je eigenlijk een clubman? Het gevaar van mensen in het zonnetje zetten is dat je anderen daarmee misschien tekort doet. Toch vind ik het hier op zijn plaats om de leiders even te bedanken voor hun inzet van seizoenen 20-21, het meest rare voetbaljaar, misschien wel, ooit! Ernst Zonneberg is



een voorbeeld. Na vele jaren als coach opgetreden te hebben, wilde hij wel eens een jaar vrij. Nou prima. Vervolgens is er geen leider te vinden voor een bepaald team, hij hoort dat en geeft aan het wel weer op te pikken. Altijd met die kenmerkende lach. Nu gaat hij naar Heerenveen verhuizen en is het echt klaar bij SDS. Ernst jongen, bedankt! Is Esther ook een clubvrouw? Na een verhuizing van een leider jo/mo 12 pikte zij het leiderschap snel op. Ga er maar aan staan! Daar sta je dan langs de lijn, in een box en in onderhandeling met de scheids, terwijl je anders gewoon een bakje koffie neemt in de kantine. Alle lof! Uiteraard geldt dit ook voor Folkert Rients en Johan, die al jaren langs de lijn staan. De ware leider herken je aan het nonchalante dragen van een net met ballen over de schouder. Johan heeft daar ook zo zijn eigen stijl in! Marco, Thom en Rients, vulden de vacature bij jo15-2 op. Met elkaar kom je verder, zou je kunnen zeggen! Bij de jongere jeugd zien we ook Lieuwe en Auke Johannes al enige jaren als leider optreden. Niveau van de boys, hoewel niet zo goed te meten dit jaar, gaat ogenschijnlijk elke week verder omhoog! Joad, nog zo'n kanjer die verzamelde dit jaar allemaal nieuwe spelers om zich heen en trainde en passant ook jo12 er 'even' bij! Henk is ook volgend jaar weer still going strong bij de jo19, terwijl Minne ook volgend jaar de taak van leider weer oppakt in de jo15. Wesley, Klaas, Frans Pieter, Syb en Ronnie leiden de jongste jeugd op. En Leonie die de mo17 begeleidde. Allemaal clubmannen en -vrouwen! Al deze mensen worden natuurlijk geflankeerd door alle trainers. Mannen als Robin, Aant, Jildert, Gjelt, Luka de mannen van het 2^e (jo12), de mannen van het eerste (jo15-2), de dames van VR1 (mo17). Ik vergeet er vast één, dat is het risico van een dankwoord. Bedankt allen, voor jullie inzet dit rare voetbaljaar!

Hoe gaan we verder het komende jaar: Normaal! Normaal? Ja, gewoon een vol programma op zaterdag, kantine open, bestuurskamer open, kleding fris gewassen en velden in optimale staat. Althans, zoals het er nu voorstaat. En dat alles onder strakke regie van een nieuw jeugdbestuur! Anno Feenstra Christine vd Valk, Pieter Kamstra en Dirk de Jong nemen het stokje over van Lize, Marjo, Anneke en ondergetekende. Alle lof, voor deze clubmensen! Dan even de blik op de indelingen voor volgend jaar. We hebben een dubbele primeur! Na het meedoen van een vrouw in de mannen a-categorie in Menaldum, gaat SDS nu hetzelfde doen in de jo-mo15 en jo-mo 17. De aantallen zorgen er zowel bij de jongens als bij de dames voor dat we geen

apart damesteam, én geen tweede jor 15 en 17 kunnen samenstellen als we niet voor deze, toc inventieve, oplossing kiezen. Het zal voor iedereen even wennen zijn. We moeten ook nog even kijken hoe we dat met de boxverdeling doen, maar dat komt vast goed.

De indeling is als dit boeken verschijnt waarschijnlijk al met een ieder gedeeld, maar dan hierbij wat achtergrond. Indelen is altijd spannend, immers, nog dagelijks komen er nieuwe leden bij en verlaten ook leden de club. Dit leidt op de achtergrond soms tot grote uitdagingen, waar het gaat om een team wat eigenlijk net aan kan. Als er dan toch nog één afvalt kan een team niet meer bestaan en moeten er soms 11 spelers over andere teams verdeeld worden. Geen sinecure. Voorop staat dat we het voor iedereen goed willen doen. Voetballen met je vrienden of vriendinnen is natuurlijk belangrijk. Waar het kan op niveau, maar waar dat minder belangrijk is, gewoon lekker recreatief. Ben je het nu totaal oneens met je indeling voor volgend seizoen, trek dan even aan de bel. In overleg is er soms best wel wat mogelijk!

Voor nu, eerst maar een lekkere zomer gewenst! Neem je bal mee naar het strand, dan ben je in augustus in ieder geval weer in vorm!
Groet namens de jeugdcommissie,

Tjerk van der Pol

Op syk nei âlde Treffers

Wy binne noch altiten dwaande om ús Trefferarchyf kompleet te krijen. De measten binne al digitaal werom te finen op de SDS-side.

Dit stiet ûnder: **www.vv-sds.nl-klupynfo** Hjir steane hast alle Treffers fan 1970-1999 en alle Treffers fan 2000 oant en mei no.

Wy hawwe se dus noch net kompleet. Sa misse wy ûnder oare nûmer 1 en 2. Soe der noch immen earne op souder, yn de kelder, yn de klús of yn in âld sok dy earste eksimplaren hawwe? Wy hoopje it!

Dizze Treffers misse wy noch:

- | | |
|----------------------------------|------------------------|
| - Treffer novimber/desimber 1980 | - Treffers út 1978 |
| - Treffers út 1977 | - Treffer nûmer 9 1974 |
| - Treffer nûmer 10 1974 | - Treffer nûmer 8 1973 |
| - Treffer nûmer 6 1972 | - Treffer nûmer 5 1972 |
| - Treffer nûmer 3 1971 | - Treffer nûmer 2 1970 |
| - Treffer nûmer 1 1970 | |

Hawwe jim noch sa'n âlde Treffer lizzen, nim dan kontakt op mei Aant Hofstra fia de mail: **sds-nijs@home.nl**.

SDS'er om ústens; Sytze Kooistra

Sytze Kooistra spile jierren by SDS, mar inkelde jierren werom stoppe hy om te ferhúzjen nei Limburch. Wy binne wol benijd hoe as it mei him is en namen kontakt mei him op.



Hoe is it mei dy?

Ha Willem, hjir gjit alles bêst. We binne sûn, gelokkich en it is moai waar. Ek de foarútsichten mei betrekking ta koroana binne posityf.

Wêr wennesto no, wat foar wurk dochst en hast ek in relaasje en sa?

Wy wenje mei ús 4'en, myn freondin Vivian en beide dochters Lenne fân 2,5 en Indy fan 3 moanne en iksels, yn it Limburgske Beringe. Ik bin wurksum as grafysk foarmjouwer/kalkulator by Arton Dekkleden en Reklame yn Venlo. Wy leverje en ynstallearje fisuele en kommersjele útingen foar bedriuwen. Sawol foar binnen as bûten, op gebouwen, rûten, dekseilen, auto's, spandoeken of reklameboerden etc.

Fuotballest ek noch?

Ja, ik fuotbalje noch altiid. Sûnt foarich jier ha we mei in oantal mannen in 30+ team opstarten en dus spylje ik no yn it 4^{de} fan ús feriening BEVO Beringe.

Hoe sjochsto werom op dyn tiid as fuotballer by SDS?

Mei in soad wille! Ik ha sawol yn de jeugd as de senioren in moaie tiid belibbe al ha blessures mei altiid efterfolge. Ik ha it "gelok" hân dat de jonges om mij hinne goed tsjin in bal traapje koene en we dus (hast) altiid moaie en goede seizoenen draaie koene.

Mei welke jongens hasto yn it ferline in soad fuotballe?

Ik ha is soad fuotballe mei leeftiidsgenoaten as Jildert Hylkema, Steffen Bruinsma, Ids de Boer, Andries Lanting, Tim Hoekstra, mar ek mei âldere en jongere mannen as Bauke Dijkstra, Jelmer Posthumus, Redmer Strikwerda, Johan Postma, Ewout de Boer ensf. Faak siet ik kwa leeftiid tusken 2 generaasjes yn.

Wat wie dyn hichtepunt as fuotballer by SDS?

Yn de jeugd is dat in wedstriid west, ik miende op Urk, we binne doe in oantal rondes fjirder kaam yn de beker, al ferlearen we dizze wedstriid wol. Yn de senioren wie dat yn'e neikompetytsje (ik miende foar promoasje), út tsjin Meppel 2. Thús wûnen we mei 3-1, mar út ferlearen we mei 3-1 nei in knotsgekke wedstriid. Úteindelijk ek hjir útskeakele, troch penalties, mar sa'n

wedstriid bliuwt je altiid by. Úteinlik net 2 hichtepunten mei in moaie ôfrin, mar wol dingen dy at je by bliuwe.

Binne der ek djiptepunten west?

Ik ha foarol yn de senioren in soad wedstriden mist troch blessures, mar echt djiptepunten ha ik nea hân.

Folgest SDS ek noch?

Ja seker, fia internet is in soad goed te folchjen, dus ik sjoch meardere kearen per wike efkes op de site. Fjirder folchje ik SDS fia de sosjale media en at ik werris in wykein in Fryslân bin dan kom ik noch graach op it sportpark.

“Ik neam SDS regelmjittich as foarbyld hjir by ús feriening at der bepaalde saken dien wurde moatte”

Hoe sjochsto no as bûtensteander nei SDS?

Foar safier ik sjen kin en mei krij is it noch steeds in stabele en rêstige/gesellige klup. Der wurde gjin gekke dingen dien en elts wit wat der fan in oar ferlange wurdt. Fjirder beneam ik SDS regelmjittich as foarbyld hjir by ús feriening at der bepaalde saken dien wurde moatte.

Komst dizze kant ea ek wer op te wenjen?

Sis nooit nooit, mar sa at it no liket net. Ik wenje ûndertusken 8 jier yn Limburch en dat befalt noch altiid poerbêst. We kinne wannear we ek mar wolle rjochting Fryslân foar in dei of meardere en de famylje komt ek geregeld dizze kant op, dus dat is fjirder ek gjin probleem..

Sjogge wy dy ynkoarten ek wer ris efkes del kommen by SDS as it fuotbaljen wer los is? Wy ferwachtsje dy sawisa by it jubileum folgend jier.

Sadra ik werris yn Easterein bin en der is wer fuotbaljen dan probearje ik seker efkes te sjen. In feestje is noait wei, dus ik sil it seker yn de aginda sette! (Moast mij de datum noch al efkes



trochjaan😊).

As lêste noch efkes: hoe sjocht dyn SDS-superalve der út:

Marten Faber

Ewout de Boer – Bauke Dijkstra – Wichard Deinum – Jan-Simon Jelsma
Hjalmar Ruiter – Jildert Hylkema – Robert Sijbesma – Redmer Strikwerda
Jelmer Posthumus – Henkie de Jong

Koach: Klaas Okkema/Jeroen Brouwer



Steand fan lofts nei rjochts: Skieds Enne-Jehannes Bruinsma, Paul de Boer, ..., Peter Hofstra, Sybren Wesselius, Arjen van Putten, ..., Thierry de Vreeze, lieder Klaas de Haan,, trainer Sjoerd van Beem.

Op hurken fan lofts nei rjochts: Jildert Hylkema, Igor Kalinowski, Steffen Bruinsma, Sytze Kooistra,, .., Andries Lanting en Tim Hoekstra.

Dankewol Sytze!

As wy de eksakte datum fan it jubileumfeest witte dan hearst it! (WW)

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

Ofskie nimme fan Hennie Roubos

Nei inkelde jierren fersoarger west te hawwen by SDS stoppet Hennie Roubos nei dit frjemde seizoen. Hoe fûn hy it hjir as Gorredykster en wêrom stoppet hy. Wy sille him oan de tosk fiele.

Hoe lang hasto no fersoarger west by SDS?

Ik ben 3 seizoenen verzorger geweest.

Wêrom hâldst op by SDS?

Het rijden naar Easternen werd me te veel. Wij wonen in Gorredijk en dan is het een aardig eindje reizen.



Wienen der ek hichte- en djiptepunten by SDS?

Dieptepunt was de massage in het materialenhok, maar dat is na een tijdje prima opgelost door het plaatsen van een verzorgingshokje. Dat is dus ook het hoogtepunt.

Wat fynsto fan SDS yn syn gehiel?

SDS is een prachtige club met fijne mensen.

Binne der ek minne punten?

Dat kan ik me niet bedenken

Komst al wer ris del?

Ja, natuurlijk

Wolsto oars noch wat kwyt?

Ik wil jullie bedanken voor de goede samenwerking en heel veel succes in de toekomst voor de club

Mar in hiel soad wille tawinske thús mei de frou en by ús freonen fan ONT.
(WW)



Hite nûtsjes

Wat in wille net dit EK?

Ja man, wat in feest! It is geweldich om wer safolle supporters byinoar yn in it stadion te hawwen. Prachtig gesang by byfoarbyld de Denen, it folksliet fan Wales mei gûlende mannen, hearlik.



Wat do?

Wier hearlik! Wy binne yn Amsterdam by Noard-Masedonië – Nederlân west en wat is it dan wer in genot om yn sa 'n stêd te fielen dat sa'n wedstriid der oan sit te kommen. En dan te betinken dat dy wedstriid nergens mear om gie.

Hast alle wedstriden wat sjen kinnen? Of wurdt it dy hast wat tefolle?

Fuotballers binne krekt kij. Se wurde utmolken oant se net mear kinne en dêrnei belanne se yn in reality soap, as begjinne se in sigaresaak. De fuotbalkalinder is sawiesa swier oerbeleste. In EK mei safolle ploechen helpt dêr net by. Ik ha dan ek net alles sjen kinnen, mar dat sil foar mear minsken jilde tink ik.

Hasto ek sa genoaten fan Dútslân tsjin Portugal?

Hak net sjoen.....

Do?

Wat my oanbelanget oant no ta de moaiste wedstriid fan dit EK. Wat in power hienen dy Dútsers en kamen sy doch mei 1-0 efter troch in prachtige kounter. De Portugezen kamen nei in 4-1 efterstân werom oant 4-2 en hienen kânsen op 4-3. Hie dat slagge dan hie ik noch sjen moatten dat de Dútsers it wûnen.

Fynsto it ek sa sneu foar Frank de Boer dat hy altiten op syn noarske blik beoordield wurdt as der neat oer it Nederlâns alvetal te skriuwen is?

It uterlik fan minsken, harren ûnkunde, fouten, rare fratsen, binne altyd foer om oer te praten en as te skriuwen. It makket dat je altyd wat ha om kommintaar op te jaan. Dat is by it EK net oars.

Dat sc Heerenveen liket allegear âld-Cambuurspilars te keapjen. Nei Van Ewijk komt no ek Mous... Ferline seizoen gienen sy noch foar 2 eks-Ajacieden..... Komt it sa wol goed?

Uteinlik komt it goed. De klup hat yn gearwurking mei de supporters in moaie kampanje hân om seizoenskaarthâlders te bedanken en nije supporters binnen te heljen. De jeugdoplieding stiet der goed op, der wurkje kundige minsken sa Michiel Jansen, Ronnie Pander, Ronnie Venema. We ha 2 nije assistenten

(Tobiasen, Reekers) dy't foar nije ynsichten en enerzjy soargje. Ik ha de hoop dat Ferry de Haan der yn slagje sil om wat mear balans yn de seleksje te krijen en dan kin it samar ris in moai seizoen wurde. Benijd hoe't de seleksje der op 13 augustus by de start fan de kompetysje tsjin Go Ahead Eagles út sjocht. Mous hie in sterk seizoen by sc Cambuur en van Ewijk wie ferhierd en kaam troch in blessure net út de ferve yn Ljouwert. Wat my oangiet binne se wolkom by de moaiste klup.

No't Hennie Roubos fuort giet siket SDS noch in goeie striker. Wat is yn dyn eagen in goeie striker?

Dooitze Nauta. Kundich, humor, sosjaal, leargierich, eigensinnich, gouden hantsjes.

Of bedoelst sa 'n striker dy 't by fuotbalwedstriden neaken oer it fjild draaft? Dan graach ien fan it froulijk geslacht...

Witst ek noch in goeie flagger? It like my wol wer ris wat foar dy.

Daan Boersma is de beste en oh ja hear, it is soms ek best leuk om te dwaan. As der dan mar gjin VAR is.....

SDS Vr.1 siket noch in yndraafsjuertstiper. Hasto noch in idee?

Attie's Boetiek?

Jacob-Klaas Haitsma stoppet by SDS 1 en docht in stapke werom nei SDS 3. Hasto ea noch wol mei Jacob-Klaas fuotballe? Der stiet my iets fan by dasto wol op goal stien hast by SDS 1 mei him der krekt foar.

JKH, dat is toch dy man fan de Kross-pass? Sekers haw ik mei him fuotballe.

Op freed 30 july krijt Jacob-Klaas in ôfskiedswedstriid nei 18 seizoenen by SDS 1 fuotballe te hawwen. Witsto miskien noch in tapaslijk cadeau foar him?

Ik soe al syn giele en reade kaarten ynliste litte. Wis dat hy der in muorre mei behingje kin.

“Ik soe al syn giele en reade kaarten ynliste litte”

Wat is de bedoeling eins dy jûn?

In wedstriid tusken it SDS 1 fan no mei allegear jonge hûnen en in team mei âld-SDS 1-spilers dy 't de iene foet net mear foar de oare krije kinne troch de Korona-kilo's bin ik bang. It liket my in prachtige start fan it nije seizoen mei âlde en nije gesichten en in bult supporters. Wy hawwe wol wat te bepraten neidat wy mekoar sa lang net sjoen hawwe op en rûn it fuotbalfjild. Dit fansels allegear ûnder it genot fan in fleske bier en der steane fêst hite nûtsjes op tafel. Ik sjoch der no al nei út!

Oan it wurd troch Harmke van der Werf

'It sit yn ûs ritme'


De Treffer moat wer in echt blêd wurde!' in knikje mei de holle jout de lêste wurden ekstra klam. Ynstimmende gelûden klinge bij de oare fjouwer minsken oan tafel. De man mei it burd hâldt De Treffer omheech, wylst hij der nei sjocht beneamt der it plan om it wer in echten ien te meitsjen: 12 kear per jier, wer mear fêste rubriken en foar de takomst moatte we mar ris nei tinke oer in webside. Wa docht der wat?

Mei de lêste fraach gongen de fiif redaksjeleden oan de slach. Hinke Kuiper bleaun as ienige sitten fan de âlde redaktie en wie mar wat bliid dat dy oanfuld waard mei Freddy Scheltema, Meinte Wesselius, Klaas Pompstra en de man mei it burd, dy't foar de twadde kear De Treffer wer opskoddet: Aant Hofstra. Foar de webside hienen se in jonge entûsjasteling yn 'e holle: Willem Wijnia koe dat wol op him nimme en Aant like dat ek wol wat.

It begjin fan de webside en de nije Treffer giet dik tweintich jier werom. Mar de stichters fan 'e side binne noch hieltyd aktyf, mei Willem en Aant gean ik yn petear oer fyftich jier Treffer en hast tweintich jier de Weppers op vv-sds.nl. Yn 1971 kaam de earste Treffer út, mear as in pear A4'kes tekst wienen it net. Mar de kearn fan de foarsitter fan destiids is noch altyd like wichtich: 'Us klup is yn alvetal!' skreaun Marten de Boer yn 1971. SDS is Sterk Door Samenspel (of samenwerking). Foar Aant jilde it selfde mei in ondersteunende funksje yn it ûnderwiis, makke hij him sterk foar Weer Samen naar school. Aant wie de regelman, hij soarge derfoar dat de formaasjes kloppen. De man fan de regels soarge der ek foar dat de Treffer in ynhâldsopjefte kriich en in fêst format hie. Aant skreaun al earder stikjes foar it klupblêd mar trede yn 1981 echt ta yn de redaktie, dit bleaun hij dwaan oant 1986. As redaksje hie Aant net allinne de taak om it boekje fan ynformaasje te foarsjen, se moasten it ek letterlik yn elkoar sette. De stinsels, it kopiearen, it nietsjen, al mei al wie it in soad wurk. Mar sa as yn it begjin te lêzen falt, fielde Aant yn 1998 de needsaak om werom te kearen.

Op dat stuit hie Willem besluten dat de skoalle foar sjoernalistyk yn Swolle, muoilik te kombinearen foel mei it fuotbaljen bij SDS. Willem studearre in jier Nederlâns, mar keas úteinlik toch foar in inservice stúdzje yn it sikenhûs. It gefoel foar taal en ferhalen besocht hij te brûken foar De Treffer.

En ek foar de nije webside: vv-sds.nl. De beide muzykleafhawwers wienen it fluch iens oer hoe't se it ha woenen. Der moast, natuerlik, struktuer wêze en it moast alle dagen nijs bringe. It bestjoer wie der earst noch net hielendal wei fan, mar nei in dik jier der oan wurkjen koe vv-sds.nl yn 2002 de loft yn mei



Freezit as host en sponsor. As ien fan de earsten hie SDS in webside en mei de Fryske taal is de webside no noch altyd unyk yn har soart!

Alle dagen kamen der koarte stikjes, dizze wepperkes moasten sa 'ûnderdiel fan je libben wurde'. De nijsfoarsjenning wie tige wichtich yn de reinige, kâlde wintermoannen. De fraach of it wol of net trochgean soe waard beäntwurde troch de webside. De side kriich sa bining mei de leden en ûnderdiel fan it libben, waard it seker foar Willem en Aant. Willem bleaun nei in

nachtsjinst fan it sikehûs langer op om it lêste nijs oer de fjilden mei nimme te kinnen. En beiden hâlden de eagen en foaral earen iepen op de trainingen, wedstriden en oare teamaktiviteiten.

De wurden 'we binne in alvetal' is seker fan tapassing op De Treffer en de webside. Wer't oare fuotbalsiden meastentiids bouwt binne foar it earste alvetal, is bij vv-sds elk team like wichtich. Willem en Aant woenen en wolle alles witte, fan jong oant âld, de leukste nijsjes moasten op de side, dat wisten oaren ek: 'Ik kin sizze dat guon wolris om ús hinne rûnen...' seit Aant mei in knypeach.

Mei de opkomst fan 'e webside, moast der ek in kar makke wurde wer't nijs op kaam te stean. De Treffer kaam derom fan 12x no 4 kear per jier út. 'Mar we ha noch altyd deselde opset en rubriken,' jout Willem oan en ek de oplage is mei 500 gelyk bleaun. Aant hat sjoen dat it klubblêd yn goeie hannen is en hat de redaksje ferlitten, fêste skriuwer bliuwt der noch altyd wol.

Mar de nijssikers ha minne tiden tidens de koroanakrisis. Gjin trainingen, wedstriden of oare aktiviteit, soarget foar minder weppers en ek de appgroepen binne in neidiel foar de webmasters. Foto's wurde no foaral dield yn in groepsapp ynstêde fan de webside. Mei de regiocup binne de earste aktiviteiten wer losgean, de EK-poule is opsetten, sadwaande binne beide mannen bliid dat der wer mear reuring is. Al sjogge se der foaral wer nei út at se der wer mei in ploechje stean meie, allinne is der neat oan.

Ondanks de mindere tiiden, is de Treffer noch altyd in echt blêd en de webside is noch steeds fan alles op 'e hichte. Sa dogge beide mannen der alles oan om fan de klup yn alvetal te meitsjen!

En nei eigen sizzen sille se der noch lang mei trochgean: 'It sit yn ús ritme!' Willem en Aant, tige tank!

Harmke van der Werf



'Kampioensouders'

Harmke van der Werf, in tiidsje lyn stie se noch yn'e Treffer, doe stelde se sichsels foar.

Harmke traint mei de VR1 mei, wennet yn Rien en studearret foar Orthopedagoog. Neist har stúdzje hat se in boek skreaun:

'Kampioensouders'.

Jim ha it mooglik al lêzen op'e side en lêsten stie der in grut artikel yn'e sneon-sedysje fan 'e Ljouwerter Krante.

By SDS binne der waarskynlik ek wat kampioensâlders... yn de tiid dat we noch fuotbalje koene dan. Wy hoopje dat dat takom seizoen wol wer kin.

Oant dy tiid... in stikje mei Harmke oer har boek.

Harmke, kinst fertelle wêr it boek 'Kampioensouders' oer giet?

Jawis, yn 'Kampioensouders' fertelle de âlders harren eigen sportgeschiedenis. Dêrnei meitsje se de link nei har topsportende bern. Se fertelle hoe't de wei nei de top fan har bern ferrûn is en hoe't sy dat erfahren ha.

Wêrom hast it boek skreaun?

Sels fyn ik topsport hiel ynteressant, wa hellet it wol en wa net? Wat sit der yn de oanlis en wat helje se út de opvoeding? Links- of rjochtsom: beide kearen stean de âlders oan de basis. Derneist feroaret der safolle as ien fan sporter nei topsporter giet, wat docht dit mei de famylje? Binne se altyd bliid west mei har keuzes? Wiene de âlders it mei elkoar iens? In hiel soad fragen, dus ik woe ris besykje as ik dêr antwurden op fine koe.

Ast der op werom sjochst, wat is dy dan it meast by bleaun?



As ik werom tink... dan komt foaral it proses wer nei boppe en hoefolle wille ik der oan hân ha. De útdaging om bij de âlders binnen te kommen, de tarieding en else kear fol enthousiasme en ferhalen wer thûskomme. At it dan slagget om der ien ferhaal fan meitsjen wêryn de alders en sporter harren fine kinne, dan jout dat in foldaan gefoel. En dat is ek wat de âlders my mei jûn ha, genyt fan it paad dernei ta!

Hast dêrneist mear fan 'e âlders as fan 'e topsporters leart, wast no yn dyn deistige libben tsjin komst/brûke wolst?

Seker! Sa't ik hjir boppe ek sei, fan elke heit as mem koe ik wat leare. Oan it ein fan it boek ha ik in oantal fan de dingen dy ik leart ha ek opskreaun.

Bijgelyks dat it net om it resultaat giet, mar om it paad der nei ta.

Mar ek it lieuwen yn dyn doel en dy net ôfliede litte fan dingen dy't oars rinne dan dast tinkst. Sterker noch: lear dêr fan! Alle sporters ha tsjinslagen meimakke, alle sporters ha de tsjinslach brûkt om der sterker út te kommen.

Hokker ferhaal soe de SDS-ers it meast oansprekke tinkst?

Moaie fraach! Edwin van der Sar hat fansels geweldige prestaties meimakke, sawol as fuotballer en as bestjoerder. De erfaringen en anekdotes fan syn âlders hjiroer sille grif in soad SDS'ers oansprekke. Dêrneist hat Jan Schulting, heit fan Suzanne, tsien jier lang it shirt fan sc Heerenveen oan hân en is hy no fuotbaltrainer. Dizze ferhalen ha linkjes mei it fuotbaljen, mar ik tink dat elk ferhaal syn nijskijrichheden hat.

Wêr kinne se it boek keapje?

It boek is te keap bij Van der Velde yn Wommels, it Boekhuis yn Bolsward, Van der Velde en Bruna yn Snits en oare boekhandels en op Bol.com of bij de útjouwer; De Kring.

(TB)

SDS-paraplu

Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl. As it nije seizoen wer los is dan binne se ek wer yn de bestjoerskeamer te krijen.



SDS-sponserrin

Mei de slotdei foar de SDS-jeugd wie der ek in sponserrin om de kosten wat te dekken ynstee fan de jierlikse SDS-dropaksje. De jongens en famkes fan SDS draafden as warming-up in rûntsje troch Easterein en hellen dêrmei mar leafst €2350,- op.

Tige by tige hjir foar!!

Op de foto sjogge jim Melle Terpstra dy 't de stipers tank seit.



It ljocht op in sponser; Freez.it



Freez.it
uw ict-afdeling

Hast 20 jier hat it bedriuw Freez.it út Boalsert ús webside boud yn in tiid dat der hast noch gjin webside fan amateurfuotbalklups wienen. Dit gie mei sletten beurzen om 't ien it as stúdsje-opdracht die en yn al dy jierren hat Freez.it ús webside mooglik makke troch ús webside te beheren. Hjirfoar hawwe sy nea wat rekkene.

De nije webside dy 't wy ynmiddels ek alwer in pear jier hawwe is makke troch Jaring Rispen fan 5Online. Om 't it hieltiten yngewikkelder wurden is om de webside goed te hosten nimt 5Online it hosten no oer fan Freez.it.

Wy wolle hjirby Freez.it tige tank sizze foar al dy jierren dat sy der foar ús west hawwe.

Mochten je iets op ICT-gebiet wolle tink dan seker oan Freez.it!

In kraammandsje bringe by Doede-Douwe Koopmans

Sa mei dy Korona-tiid mis je wolris in nijsje. Sa foel it ús op dat Doede-Douwe Koopmans fan SDS 5 mei de bernewein rûn. Hoe kin dit sa? Wy sille ris heare..

Hoe is it mei dy?

Mei my giet it harstikke goed. Ik haw genôch drokte mei myn wurk en mei de nije thussituaasje fansels.



Wy hienen begrepen dat jim 11 maart in lytse poppe krigen hawwe. Hoe is it no mei Fardau-Sietske en har mem Froukje Breeuwsma?

Dat hawwe jim goed begrepen. Better kin it hast net gean mei harren, Froukje is der hast al wer hielendal boppe op en Fardau wol nachts al suver troch sliepe. Wol soe ik graach fermelde wolle dat wy allinnich de earste namme fan Fardau brûke wolle.

Dizze 'frije sneonen' kamen dy wol goed út mei de berte fan Fardau? As hast 5 wike 'berteferlof' opnaam?

De earste wiken kinne je fansels goed brûke om kennis te meitsjen mei de nije situaasje. Dêrneist haw ik de frije sneonen ek wolris brûkt om wat ekstra rêst te nimmen. It berteferlof is der helaas net fan kaam, mar ik tink ek net dat Froukje dêr bliid fan wurde soe.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?

De beweging kin ik earlik sein noch wol goed brûke. Je misse fansels de minsken en it by ien kommen. Erg swetserich bin ik fansels net, mar dochs misse je dat ek fansels.

Wy sjogge dy sa faak mei de bernewein rinnen dat wy net ferwachtsje dasto lêst hast fan Korona-kilo's of wol?

Haha, om dat te foarkommen soe ik deis fiif kear by dy foar de rúten lans rinne moatte. Dêrby helpt it fansels ek net dat ik net in soad beweech op kantoar.

Wat tinkst, oer in pear jier in nij lid by SDS? As sjochst har oer in pear jier in oare sport dwaan?

Ik hoop it, ik sjoch it al hielendal foar my: moarns efkes by Fardau sjen en middeis sels tsjin de bal oan skoppe. Dêrby helpt it fansels ek wol dat fuotbal net in djoere sport is haha.

Wolst oars noch wat kwy?

Leuk dat jim del west binne en dat ik myn ferhaal efkes dwaan mocht.

Mar noflik genietsje fan lytse Fardau! Wy hoopje har begjin folgend seizoen gauris mei Froukje oan de line te sjen by SDS 5. (WW)



SUCCESSVOL AFVALLEN

DAT IS ONZE ZAAK

Dat afvallen ook leuk kan zijn bewijst PowerSlim; het programma dat verse groenten, zuivel, vlees(vervangers) en vis combineert met koolhydraatarme én eiwitrijke producten zodat je vet verbrandt en geen spieren.

Dé manier waarop het wel lukt.

Begeleiding

Professionele en
ervaringsdeskundige
coaches in Wommels &
Leeuwarden

Gedragsverandering

Wij leren je hoe je anders
kunt denken, waardoor je
anders kunt doen, betere
keuzes kunt maken.

Gewichtsbehoud

Wensgewicht behaald?
Wij bieden je minimaal
een jaar gratis
nabegleiding!

Daarom ga je naar Balansie!

PowerSlim

Wil jij ook gezonder leven én lekker blijven eten?
Plan dan nu je GRATIS intakegesprek en wij informeren je graag
naar de mogelijkheden van onze begeleiding.

www.balansie.nl | 06 - 15 90 61 19

De Stelling:

De KNVB hat besletten om fuotbalploegen dy't nei folgend seizoen fan it sneinsfuotbaljen nei de sneons wolle dat sy lyk oerstekke meie en dus net mear op sneon yn de leechste klasse hoefe te begjinnen. Dit makket it noch oantrekkelijker foar klups om oer te stappen. Sels klups as vv Oosterlittens tinke der no oer om oer te stappen. Ommers dogge sy sa in stapke omheech sûnder kampioen te hoeven te wurden;). Mar hoe komt it no mei it sneinsbaljen?



Wy freegje ús eksperts? Foar harren de stelling:

‘It lyk oerstekken fan sneins nei de sneons is de deastek foar it sneinsbaljen’

Koach fan SDS 1, Douwe Posthuma:



Ik heb bij Nijland op zaterdag gevoetbald en bij MKV'29 op zondag. Beide dagen hebben hun charme en ik vond op zondag voetballen eigenlijk ook heel prettig. Op vrijdagavond na de training was het al weekend en kon je gezellig even wat langer nazitten in de kantine met het weekendgevoel. Ik zie MKV ook nooit de overstap maken naar de zaterdag moet ik zeggen, de zondag hoort echt bij die club.

Ik weet niet of op het hetzelfde niveau oversteken de doodsteek is voor het voetballen op zondag, maar dat is ook niet echt waar het om gaat. Clubs kiezen bewust voor een overstap en ik denk niet dat je clubs het hiermee te makkelijk maakt om over te stappen. Als ze willen dan doen ze het uiteindelijk toch wel en horizontaal overstappen is voor iedereen beter.

Ik heb het veel vaker storend gevonden dat teams met spelers die in de 2e klasse thuishoren in de 5e, 4e en 3e klasse moeten spelen. De andere teams weten dan voor het seizoen al dat een kampioenschap voor hun niet meer haalbaar is. Ook wij hebben hier te maken mee gehad met Wolvega een paar jaar terug en dit seizoen is Sneek kwalitatief veel te sterk voor de andere teams in de derde klasse.

Sneek speelt komend seizoen in de 3e klasse met spelers die de 1e klasse aankunnen. Daar doe je natuurlijk niemand een plezier mee en het was beter geweest als ze horizontaal over waren gestoken naar de 1e of 2e klasse op zaterdag. Elke club moet spelen op het niveau wat bij haar past en ik denk dat de KNVB een goed besluit heeft genomen met deze regeling.

Unôfhinklik SDS-supporter fanút Frjentsjer, Frank van der Zee:



Folgens mij is dat niet de doadsteek foor 't sundagsfoetbal. Maar ut is misskien wel un ekstra laatste setsje inne rug. Ut ferral fan ut sundagsfoetbal is immers al mooi wat jaren aan 'e gang. Froeger werd d'r nog op saterdag speelt om religieuze redenen. Maar dat speelt teugenwaardig lang su'n groate rol niet meer. Men foetbalt fandaag de dag gewoan liever op saterdag. Want wat ik er fan begrepen hew is dat de huidige generatie footballers simpelweg geen nocht meer het an foetbalferplichtingen op

sundag. Op saterdag even een partijsie foetballe, en na afloop een mooie fracht bier inne kantine. Dan flink op stap, sundags even lekker uutslope en ferfolges oppe bank hange om bij ESPN alle wedstrieden te bekieken die je maar sien wille. Dat is jammer foor't sundagsfoetbal maar ut is wat' 't is.

Sjakie De Supporter:



Dat sneinsklups no horizontaal oerstappe meie liket my hielendal prima! Mocht vv Oosterlittens nei folgend seizoen namelijk oerstappe dan soe it samar kinne dat wy der in derby by hawwe. Sy soenen dan yn de 3^e-Klasse sneons fuotbaljen komme en as SDS 1 net promoveearret kommand seizoen dan spylje wy ek wer yn de 3^e-Klasse. Dêrneist te betinken dat der in kans is dat vv Nijland degradeart út de 2^e-klasse en vv Scharnegoutum yn de 3^e-Klasse bliuwt sjoch ik in alderaardichste kompetysje oankommen yn 2022-2023.

Doch vv Dronryp der dan lyk ek mar by en om ús mei sf Deinum der ek wol by al sil dat in toer wurde. Sy spylje noch 4^e-Klasse sneins en sille dan kampioen wurde moatte wylst sy by sc Boornbergum yn de kompetysje sitte. Sc Boornbergum is In 4^e-Klasser mei fuotballers dy't yn de 1^e-Klasse heare te baljen..... Al mei al bliuwt it it wichtichst dat der fuotballe op it nivo wat by je past. Oars is der foar de fuotballers en it publyk neat oan.

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

SDS-klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: €33,-
SDS-rugzak: €31,-
SDS-trainingspak: €42,-
SDS-trainingsbroek: €25,-
SDS-trainingsbroek kort: €18,50
SDS-sweater: €25,-
SDS-midjack: €47,50
SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50
SDS-polo: €21,-
SDS-hooded sweater €32,-
SDS-hooded damesvest €32,-



Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde. Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:

Douwe Dirk Reitsma (332500), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie. Hjir kin efentueel ek past wurde.

SDS-sjaals

Der binne noch altiten SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,- en binne te krijen by Douwe-Dirk Reitsma:

Tel: 332500

of mail nei

douweenjetreitsma@hetnet.nl



Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: Noor van den Ende	
Namme	Noor van den Ende
Berne	17-12 2008
Yn Wommels, Easterein as....	Hinnaard
Skoalle	De Romte in Itens
By SDS sûnt	2014
Team	JO-12 1
Gjin fuotbal, dan...	Keatsen
Favorite klup Nederlân	Hearefean
Favorite klup bûtenlân	Barcelona
Beste trainer	Sarina Wiegman
Beste fuotballer yn Nederlân	Lieke Martens
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Lieke Martens
Favorite fuotballer SDS	Habtamu de Hoop
Beste keeper	Sari van Veenendaal
Favorite posysje	Lofts beck
Sterkste punt	Lofts beck
Swakste punt	Keeper
Moaiste stadion	Abe Lenstra Stadion
Idoal	Lieke Martens

Hichtepunt	Kampioen mei JO-11
Djiptepunt	Haw ik net
Moaiste goal	Ien 'e krusing
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	Net serieuus trainen
Flinters yn de búk fan	Us hûn Pepper
Tillevysje	De Voice
Muzyk	Davina Michele
Lekkerste iten	Pizza
Minst lekkere iten	Zuurkool
Bakje patat of broadsje sûn?	Bakje patat
Drinken	Ice tea
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Buten boartsje
Favorite game	Mario kart
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Mei it team
Europees Kampioen?	Oranje leeuwen
Cambuur of SC Heerenveen?	Sc hearefean
Moaiste sjurt	Sc hearefean thús
Lelijkste sjurt	Cambuur
Fuotbalskuon	Puma
Rjochts of lofts?	Lofts
Gers of keunstgers?	Gers
At ik letter grut bin dan....	Fisiotherapeut

SDS -Look-a-likes(30)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei **DeTreffer@vv-sds.nl**! Dizze kear mei tank oan Tjerk, Hendrik en Hendrik.

Jelle de Boer as Dick Jol:



Sjoerd Rispens as Melvin Platje:



Frank Bervoets as in jonge Sergio Ramos:



It seizoen fan JO17-2

It soe gewoan in moai seizoen wurde. Lieder Ernst Zonnenberg hie der sin oan. Syn lêste seizoen as tige aktive âlder bij SDS. In pear trainingen en in pear wedstriden. Doe wie it oer. Wedstriden mochten net mear. Gelokkich koe der al gau wer traint wurde. Willem Wijnia en Floris Hiemstra wiene op woansdei de trainer. Op moandei mocht “ik foar de groep stean” sa’t it sa moai hjit.

Ik haw lykwols it gefoel dat ik nea foar de groep stien ha, mar tusken de jonges. Wij hawwe as trainers in prachtich seizoen hân mei dizze jonges. It joech enerzjy om in hiel soad ferskillende partijfoarmen mei harren te dwaan. Mei omkearde doelen, mei ferplichte sônes, mei skoare út in pass, mei grutte en lytse doeltsjes, mei ien grut doel en Jelte as keeper en de gewoane partijen.

Seker gjin oefeningen dy’t bij “akademyskes fuotbalskoallen” heare.

Nee, mei wat eigen betochte fariaasje komt elkenien better oan syn trekken. Want sa’n groep is krekt as in kratsje Hertog Jan mei 24 ferskillende fleskes bier. Allegear ferskillende karakters (bier en jonges) en allegear ferskillende talinten (de jonges). It trijel bierke fan Affligem dat binne de jonges dy’t harren krêft brûke en power bringe yn de striid. Sij wolle winne, elke partij wer It Weizen bierke fan Dors is “romig en fris” neffens it etiket. Dat binne dy jonges dy’t de fleur der ynhâlde en wêr’t it laits nea fier fuort is. De Weizener fan Hertog Jan is eigensinnich en dy jonges meitsje yn it fjild harren eigensinnige kar. Ofspylje at je it net ferwachtsje en sels trochgean at it net kin. “Rijk en vol van smaak” stiet er op de Lentebock fan Hertog Jan. Ik tink oan de jonges dy’t hast altyd yn in tsjinjende rol krûpe: de oanjouwer, dy’t net foar eigen kâns giet, mar it in oar gunt

Mei de dûbele fan Grimbergen foar mij sjoch ik de jonges dy’t altyd twa mantsjes foarbij moatte, foardat se him ôfjouwe. In Amstel is it gewoane bierke en dat binne sij dy’t minder opfalle. Bij it Kanon fleane de hurde skotten mij om de earen.

Grolsch dat past bij de hiele groep. “Jezelf kunnen zijn; echt, oprecht en authentiek”. Sa wie it.

Traine is mear as mei de bal dwaande wêze. Traine wie dit jier ek it momint dat se kontakt mei-elkoar hiene, want skoallen wiene meast ticht en it útgean moast soms ek stikem.



Ik knypde in eachje ticht at se yn de boks foar de training efkes mei elkoar “âldehoerden”. Dat hearde der ek bij. Dêrnei gie it los. Klear sette, opromje, wij diene it mei-elkoar.

Wij hiene as rigel dat er wol 8 op training wêze moasten, mar in inkele kear wiene der toetswiken of oare omstannichheden. Ien kear joech dat it probleemke: 7 man en dan soene wij net traine wij. Mar hoe kinne je in training

ôfblaze at der in smeejkjend fersyk komt, “asjeblyft, lit it trochgean.” Dus traiden wij mei 7....

Pieter van der Valk, Pieter Wijnia, Jelte Spoelstra, Timen de Boer, Thijs de Boer, Tjerk Andringa, Niels van Lelyveld, Bartele Bouma, Jesmer Zonnenberg, Tobias Jellema, Jorrit van der Velde, Jildert Hiemstra, Sybo Wiersma, Jochem de Jong en Thomas Oane Nijdam tige tank foar jim geweldige opkomst, jim ynset en de wille dy't jim meibrochten. En tige tank foar dat kratsje fansels.....

Aant

Kees'Kollum; 'Busje komt zo'

Kreativee armoede. De term foel yn de neibeskouwing fan de NOS en foar myn gefoel koe ik der wol wat mei, mar ik wist net presys wat. Miskien mei de lauwe reaksjes fan de analisten: Rafael en Van Hooijdonk hellen harren skouders op. En werom ek net? Oranje hat krekt in pear kear wûn en de temperatuur rûnom it team is as it waar: in prachtig sintje strielt sûnt it begjin fan it toernoai.



Sels Frank de Boer, de kuolkast onder de bûnskoaches, krijt nei trije misleare avonturen hoop dat syn plannen toch wier hout snije en laket foar de kamera's syn frons kapot. De hiele diskusje oer systemen, 4-3-3 of 5-3-2, is efkes nei de eftergrûn ferdwûn en liket foaral yn Nederlân sels te libjen. Yn it bûtenlân maalt gjinien hjiroer. Dêr hat de winnende coach gewoan gelyk.

It draait even net om looplijntjes. Dit is it toernooi fan de passie, net fan it fijne fuotbal. Ien ploech is dominant en hat de bal, de oare parkeart de bus. It kin in Skoda-bus út Slowakije wêze of in dûbeldekker út Wales, dat makket neat út. De buschauffeur set hem foar de goal, lit de motor draaie en komt 90 minuten letter wer oan sloffen. Dit freget om spilers dy't 90 minuten lang hjir tsjinoan beuke kinne, mei in ûnbreideld optimisme. En om spilers dy't krekt sa handich binne dat se ien kear troch de kier fan de doar glippe kinne.

Momintenfotballers en maratonmannen. Hugo Borst hat it oer gritta en teamgeast. De Grieken hienen hun hert ophelje kinnen. Is it “typisch Nederlands”? Wat makket it út? De toan wurdt setten troch de Italianen mei harren weergaloze folksliet, troch de Denen yn hun kameraadskap en in Engels team sûnder 20 kapiteins. Wy sette dêr Weghorst, Frenkie en ús nije held Dumfries tsjinoer. Dat De Ligt soms koartslúting krijt yn syn boppekeamer om't hy wer in bal it stadion utsjit, is aanst allegear ferjitten at we mar fier genôch komme. It is allinnich jammer dat die fantasijloze Fransen meidogge, mei Deschamps de kening under de buschauffeurs. Wa't iets better wit as in muorke boue, mei it sizze. Mar kom a.u.b. net mei 4-3-3 oansetten, die diskussie hawwe wy nei it EK wol wer.

(KA)

It seizoen fan JO15-1

Eind augustus begonnen met trainen, met een ploeg van 16 enthousiastelingen. Als eerste een oefenwedstrijd, tegen hoofdklasser Bolsward JO15-1. Dat was idd 2 maatjes te groot. We werden met 12-0 naar huis gestuurd. De bekercampagne begon uit tegen 2e klasser IJlst/Blauwhuis. Op zich een gelijkwaardige tegenstander, maar door individuele fouten en niet afstraffen van fouten van de tegenstander, met 6-0 de boot in. 2e wedstrijd tegen Scharnegoutum en de laatste pot tegen Sneek Wit Zwart 8-2 en 0-6 nederlagen. Met name het ontbreken van wat fysiekere spelers breekt op, niet vreemd aangezien 13 van de 16 eerstejaars C's zijn en de 2e jaars die we hebben, vallen niet op door lengte. We zijn in de 1e klasse ingedeeld, maar vragen aan om een klasse lager te spelen, omdat we ook van de 2e klassers in de beker verloren. We moeten de beslissing afwachten en starten tegen Nicator in de 1e klasse. We spelen een goede eerste helft en halen met 0-1 de rust. Uiteindelijk komt er toch nog een redelijk dikke uitslag 0-8. Deze wedstrijd gaat uit de boeken, omdat we toch naar de 2e klasse gaan.

Op 26 september starten we de competitie, wederom tegen Sneek Wit Zwart, we spelen beter, maar verliezen nog wel met 3-5. De week erna bij Woudsend/De Walde kunnen we ook net niet winnen, 1-0. De 3e wedstrijd treffen we weer een bekende, IJlst/Blauwhuis. Ook nu spelen we een stuk beter dan de 1e pot, maar kunnen de 0-3 net niet ombuigen in een resultaat en eindigt in 2-3. Helaas gooit Corona roet in het eten en is de competitie daarmee ten einde. Er wordt 2x in de week getraind, en in het voorjaar zijn er op zaterdag onderlinge wedstrijden, met 15-2 en 17-1 en 17-2, en ook een keer tegen MO-17. We verliezen in dit stadium 1 speler aan 17-2 en 1 die stopt en daarmee is de selectie nog 14 man. De opkomst op de trainingen en ook op zaterdag blijft goed. Standaard minimaal een compleet elftal, terwijl de 3 andere teams moeten schrapen om 22 spelers op het veld te krijgen om te mixen.

Gelukkig nog een toetje in de vorm van de Regio-cup in juni. Eindelijk weer echte wedstrijden, al zijn de tegenstanders van iets anders kaliber omdat we ingeschreven staan als 15-2. De eerste pot tegen Zeerobben JO15-3 (4e klasser) begint erg moeizaam. Je merkt dat de echte wedstrijdmentaliteit en de drive er niet echt is (gemakzucht?), na een half uur nog 0-0, maar uiteindelijk toch 8-0 winst. De 2e pot tegen Franeker JO15-3 is zonodig nog moeizamer. Het begin is weer stroef, maar bij rust toch 3-0. De 2e helft maken we het onszelf moeilijk en komen ze terug tot 2-3 en moet onze keeper er 10 minuten uit. Dan toch een stapje erbij waardoor het met een man minder 2-4 wordt, de nodige kansen worden door Franeker gemist, maar zeker ook door ons om een veel grotere uitslag neer te zetten. De laatste wedstrijd in Nijlan, mag er officieel weer publiek langs de lijn, wat er dan ook is! Het geeft extra sjeu aan de wedstrijd tegen DFC JO15-2 wat ook de voorgaande 2 wedstrijden heeft gewonnen, dus een heuse wedstrijd om de RegioCup. Dat wordt het gelukkig

nooit, de 1e helft gaat nog wat stroef en op 1-0 (mooie combinatie uitgespeeld) ontsnappen we met een bal op de paal. Net voor rust wel de 2-0. Na rust lopen we snel uit naar 6-0 en kunnen we met een aantal vloeiende aanvallen toch aantonen dat we terrecht 2 klassen hoger spelen. Enig smetje is een tegendoelpunt, door balverlies op het middenveld en een schot van heel ver (de mooiste maar enige tegengoal deze middag). Uiteindelijk nog een benutte penalty en een droge schuiver van onze rechtsback, maakte een 8-1 eindstand. Hierdoor het seizoen toch mooi overtuigend afgesloten met lachtende gezichten en een tevreden publiek! Helaas had de KNVB het Zweitse Huitema sportcomplex niet weten te vinden met het koffertje met de RegioCup, maar dit mocht de pret niet drukken!

Trainingen werden verzorgd door Jappie (tevens coach op zaterdag) en Gerrit in Nijland en door ondergetekende in Easterein.

Op naar een nieuw seizoen 21/22 waarin we hopelijk elke zaterdag weer echte wedstrijden kunnen spelen en de jongens zich volop verder kunnen ontwikkelen!

Minne Bouma



Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen



Ut in hiele âlde doaze

De Skoalseize troch Jan Hiemstra

Dizze kear gjin stikje oer (âld)-SDS-ers, mar oer it fjild wêrop sawat sûnt de oprjochting spile is. SDS waard yn 1947 oprjochte, mar de klup hie gjin fjild. Der waard spile op in stikje greide by de Van der Valk-pleats (earst pleats rjochts oan de dyk nei Itens en op it Dobbelân).

In fuotbalklup sûnder fjild kin net. Der wie yn dy tiid mar ien ynstânsje dy 't soks feroarje koene: de tsjerkfâden fan de herfoarme tsjerke yn Easterein. Dat wiene de behearders fan huzen, pleatsen en landerijen. Soks docht ek bliken út de oantekens fan de tsjerkfâdijgearkomste fan 1947: 'Verschillende dorpsverenigingen vragen voor sportterrein af te staan het stuk land in huur bij H.F. Kuiper (it pleatske oan de Skippersbuorren) ter grootte van 6 pdm opgenomen in het uitbreidingsplan der gemeente en in de tweede plaats bij toestemming dit terrein voor rekening van de kerkvoogden in orde te brengen.'



Huurder Kuiper zou zeer gedupeerd zijn. Wanneer de gemeente te eenigertijd het land opeischt, valt er niets tegen te doen, maar het gaat thans om een besluit der kerkvoogden tot deze daad t.o. een klein landgebr. Algemeen afgewezen.'

Sportvereniging Oosterend en omstreken

Om sterker te stean wurdt yn 1948 de Sportvereniging Oosterend en omstreken oprjochte. Dit is in koepelorganisaasje fan gymnastykferiening ODI,

ruterklup De Donia 's, fuotbalferiening VVO (letter SDS!) en keatsferiening Easterein. It ûnferwachte barde! Der kaam tastimming fan de tsjerkfâden. Boer Kuiper krige it stik der 't no de sporthal stiet en ek sa 'n seis pûnsmiet grut is. De seize bleau eigendom fan de tsjerke mar koe no pachte wurde troch de Sportvereniging Oosterend en omstreken. It soe wolris sa wêze kinne dat it fjild der 't SDS op spilet noch altyd ien fan it lytse tal fjilden is dat net ferhierd wurd troch in gemeente, mar in tsjerke.

Fan greide nei sportterrein

De seize wie in bysûnder stikje lân. De opbringsten wiene oarspronklik bestimd foar de kosten dy 't ek skoalmaster wie. Dêrom hat it sportpark letter de namme De Skoalseize krigen.

Op de foto hjirfoar is it haadfjild fan SDS noch greide. It sil wol dúdlik wêze dat de hynder en wein sa 'n bytsje steane foar wat no de dug-out is. It sleatsje rjochts rint noch altyd tusken beamwâl en parkearplak. Foar de oarloch wie der al in hoekje grûn fan de seize ôfsnobbje foar de grientetún fan it skoalhaad (it stikje dat no tusken de dyk en de klaairomte leit). Yn de oarloch barde dit noch in kear. Foar it gebou rjochts fan it midden waard foar de beukerskoalle in betegele pleintsje mei in sânbak oanlein.



It maneezje en fuotbalfjild

It sportfjild bestie út in maneezje en in fuotbalfjild. De maneezje (foar Elba) waard útgroeven en moast fol sân. Mei de grûn út de maneezje waarden de

greppels ticht- en it fjild flakmakke. Dêrnei gong de wals fan de gemeente Hinnaarderadiel der noch in kear oerhinne en it fjild wie sa sa glêd as in spegel en der koe fuotballe wurde! Der wie lykwols wol in grut probleem ûntstien: troch de kombinaasje knipklaai en it gewicht fan de wals waard de boppelaach wetterticht. Dit probleem is earst letter yn fazen troch drainage en in bettere boppelaach oplost.

De tagong

It wie net sa maklik op it fjild te kommen. It offisjele paad gong oer der reed, no de Stittenserleane. Dy reed rûn om Elba hinne en nei it passearjen fan in fiif hikken kamen je op it fjild. Op de foto hjirboppe is te sjen wer 't de reed it fjild opkomt. (Dit is no noch op ûngefear itselde plak.) De hynders fan de Donia 's moasten hjir lâns, mar foar de fuotballers wie der it slûppaadsje, no it trottoir foar de huzen fan 't Heechhiem 1 – 7 lâns.

Jan Hiemstra



RIJSCHOOL

THEO POSTMA

WOMMELS

06-53721431

www.rijschooltheopostma.nl
auto@rijschooltheopostma.nl



Ut de noch net sa âlde doaze

Wij sjogge efkes 10 jier werom: 2011. De fuotbalklup SDS '55 bestiet 55 jier. In jubileum dat se net fiere wolle yn eigen doarp mar bij SDS yn Easterein. Dus komme der op in sneon 28 maaie 4 bussen mei fuotballers út Wekerom nei Easterein. Jong oant âld is mei.

Oankundiging

28 mei 2011 zal voor de 1e keer een groot SDS-toernooi worden gehouden. Nadat de laatste 2 weken veel is geregeld/gemaidl gaan we los. Een dag vol met wederzijdse SDS-gevoelens, waarbij iedere SDS-er samen SDS zal aanmoedigen. Laten we genieten van een sportieve en sfeervolle SDS-dag vol met voetbal. Kom gezellig kijken en steun SDS we zijn tenslotte met zijn allen Sterk Door Samen-spel/werking.

De wedstriden

Sportyf sjoen hie ús SDS net folle yn te bringen tsjin de SDS-ers út Wekerom. Sij wûnen 12 kear en spilen 2 kear gelyk. Wij spilen en 2 kear gelyk en wûnen 1 kear. Dat wiene de Eetsjes....



In moai feessie

SDS kaam juster wol wat te koart tsjin de mannen en froulju út Wekerom. Mar gelokkich koe it ferlies relativearre wurde: "Ach, it is hun feessie".

In let feessie

It is let wurden justerjûn foar de Wekerommers. Healwei de busrit kamen se der efter dat der ien net yn de bus siet. In pear mannen mei de taksje fan heerenveen nei Easterein ta en sykje lâns de feart. By Eddie de Boer fûnen se de man. Ynmiddels wienen syn âlders ek al belle en ûnderweis nei Fryslân ta. Sa he se ek noch sliept yn de kantine yn Easterein.....

De twadde S

Dat SDS meardere betsjuttingen ha kin, witte wij alles fan. Sterk Door Samenspel is it bij ús. It oare SDS is Sterk door Samenwerking (AH)

Aginda

Wannear?	Wat ?
9-july	Publikaasje kompetysje-yndielingen A-kategory
11-july	EK-finale
30-july	Ofskiedswedstriid Jacob-Klaas Haitisma
30-july	Publikaasje bekeryndielingen A-kategory
31-july	Publikaasje bekerprogramma A-kategory
10-aug.	SDS bestiet 74 jier!
13-aug	Publikaasje bekeryndielingen B-kategory+ komp. JO7-12
14-aug	Publikaasje bekerprogramma B-kategory+programma JO7-12
27-aug	Publikaasje kompetysje-yndielingen B-kategory
28-aug	Publikaasje kompetysjeprogramma A-en B-kategory
4-sep.	Bekerwedstriid 1
11-sep.	Bekerwedstriid 2
13-sep.	Start sealkompetysje
18-sep.	Bekerwedstriid 3
25-sep.	Earste kompetysjewedstriden
10-aug. 2022	SDS bestiet 75 jier!!

De Trefferredaksje winsket jim allegear in hiele noflike simmer ta!

